

## 2 *Twa lytse jonkjes*

De knibbels stelle in bankje foar en de fûsten de jonkjes.

Twa lytse jonkjes  
boartsje op in bankje.

*twa fûsten meitsje  
de fûsten op 'e knibbels sette*

Twa lytse jonkjes  
springe op in bankje.

*de fûsten op en del springe litte*

Hopla hopla  
krak - krak - bom!

*de knibbels útinoar dwaan*

Twa lytse jonkjes  
falle om!

*de fûsten omfalle litte*

### **Fariaasje**

Twa lytse famkes, twa lytse berntsjes, twa lytse hûntsjes, twa lytse poeskes,  
twa lytse geitsjes ensfh.